

De Earn, maart 2006

De krusiging fan Jezus: sinleas geweld?

Op 10 maart sieten myn frou en ik de jûns yn de Martinitsjerke te Boalsert te genietsjen fan *Stille Sneon*, it teaterstik fan Hoite Pruiksma en Romke Toering. It gong oer de dea fan Jezus, sjoen troch de eagen fan Maria syn mem en Maria Magdalena syn frou. It spyljen sels, de oanklaaiing fan it toaniel, de muzyk en de lûdseffekten, allegearre mei-elkoar wie it fan in heech artistyk nivo. Wat my benammen trof wiene de wurden fan syn mem Maria: 'Wie it ea de bedoeling dat in bern sa lije moast?' Twa oare froulju sizze dan: 'Myn ferstân begrypt it net' en 'Myn gefoel taast it net...' Oan de ein fan it stik seit Maria nochris dyselde wurden.

De fraach fan Maria hâldt jin fansels dwaande, sa faak as men yn de bibel it lijenferhaal ûnder eagen kriget. Wie de krúsdea fan Jezus in gefal fan sinleas geweld of net. No wit ik wol dat de tsjerklike teology it antwurd op dy fraach al ieuwenlang klear lizzen hat. Anselmus fan

Canterbury hat yn *Cur Deus homo* ommers syn ideeën dêroer formulearre: Jezus hat troch syn krúsdea plakferfangend de straf ûndergean foar de sûnden fan de wrâld. Omdat Jezus dit lijen ûndergien hat, is de skuld fan de minskheid foldien en is God net langer lilik, want syn eare is dêrmei rêden. De tsjerke yn it westen hat dy útlis yn grutte linen oernommen en as gesachhawwend ferklearre. Wy kinne in soksoartige gedachtegong bygelyks weromfine yn de Heidelbergse Kategismus (1563), mar ek yn it synodale geskrift fan de PKN *Jezus Christus, onze Heer en Verlosser* (2001). De dea fan Jezus wie gjin sinleaze aksje, mar hie as doel om de minskheid fan de ûndergong te rêden.

Ik haw dizze lear altyd ôfwiisd, om't dy nei myn betinken net etysk, ûnminsklik en net te rymjen is mei it byld fan in God fan leafde. Yn dy opfetting bin ik yn Boalsert fersterke. Ek it lêzen fan it opstel 'Een verschrikkelijke vrijdag' yn it boek *Bijbelse tijdgenoten* fan de Joadske skriuwer en heechlearaar yn de medisinen B. Smalhout hat my dêr de eagen foar iepene. Hy beskriuwt dêr de medyske kant fan de krúsdea.

Krusiging as standert deastraf

Dêr is net safolle literatuer oer dit ûnderwerp. Sa komt it miskien ek, sa skriuwt er, dat minsken dy't as utering fan harren leauwe in krús of krusifiks as sieraad drage, net witte fan hokfoar grouwêlich ynstrumint dit de stilearre ôfbylding is. Krusiging wie in foarm fan deastraf dy't yn it Romeinske ryk faak tapast is en dy't sa freeslik wie, dat yn de earste iuwen fan it kristendom nimmen op it idee komme soe om yn it krús in symboal fan it leauwen te sjen. Likemin as men it hjoed-de-dei yn de holle helje soe en hingje by wize fan devoasje in sulveren elektrysk stuoltsje, in gouden galchje of gaskeammerke om de nekke. De Romeinen hiene it krusigjen oernommen fan de Kartagers, en dêrnei ferbettere as in metoade om slachtoffers sa slim en sa lang mooglik lije te litten. Dizze foarm fan terjochtstelling hat sawat 1000 jier yn gebrûk west, oant dat de kristlike keizer Konstantyn de Grutte it yn 337 ôfskaft hat. De Romeinen pasten dizze wize fan eksekúsje ta foar: opstannige slaven, kriichsfinzenen en deserteurs. By de grutte slave-opstân ûnder lieding fan Spartacus yn 71 foar Kr. binne 6472 persoanen krusige. By alle Romeinske stêden stiene by âlds in tal krusen permanint opsteld, lykas te uzes de galgen op it galgefjild. Krusen wiene der yn soarten: T-, X- en gamma-foarmich. Trochstrings waard de T-foarmige *crux commissa* brûkt. Dy bestie út in *stipes*, dy't almeast permanint rjochtop yn de grûn stie, en in *patibulum*, in losse dwersbalke dy't mei in ienfâldige penne-en-gat ferbining boppe-op de *stipes* paste.

It krusigjen

It wie wizânsje dat de feroardielden de dwersbalke hielendal neaken nei it ekskúsjeplak ta droegen. Dat wie noch in piniging mear, want meastentiids wie it slachtoffer al mei de strekte earmen oan de balke fêstbûn. De balke, dy't sa'n 60 – 100 pûn woech (like swier as ien of twa sekkollen semint) lei dan sawat op de útsteksels fan de boppeste wringe fan de rêch en de leechste fan de nekke. As in slachtoffer ûnderweis kaam te stroffeljen, foel er plat foaroer

op it antlit mei it gewicht fan de balke yn de nekke. Mei't er it antlit net beskermje koe, rekken by sa'n fallerij gauris de noas, de wangbonken en de toskten stikken.

Op it eksekúsjaplak wiene der twa mooglikheden: men koe de feroardielden mei touwen of riemen dan wol mei spikers oan it krús fêstmeitsje. Yn it twadde gefal waarden spikers brûkt fan 7 oant 20 sm lang en mei in dikte fan 6 oant 9 mm en mei in bolrûne kop. De dwersbalke waard op de grûn dellein en de feroardielde moast mei de skouders op de balke lizzen gean. De holle hong dan efteroer en de earmen waarden wiid útspraat. Ien of twa soldaten hâlden in earm beet, in oaren-ien sette de punt fan de spiker yn de pols, krekt op it plak dêr't de ûnderearm oergiet yn de hân, ûnder de mûs fan de tomme en dan presys yn de midden. Mei ien fikse slach fan de hammer waard de spiker dwers troch de pols hinne slein en mei noch in pear slaggen fêstslein yn it hout.

Dêrnei waard ek de oare pols fêstslein. It is net sa dat de spikers troch de palms fan de hannen hinne slein waarden. Want dy soene troch it lichemsgewicht yn de lingterjochting útskuorre.

Elk dy't wolris in ferklofte pols hân hat, wit hoe pynlik dat is. Mar dat wie noch net alles. Troch de pols rint in wichtige senuw, de *nervus medianus*, dy't troch de spiker altiten rekke en skansearre waard. It oanreitsjen en skansearjen fan in senuw jout ien fan de meast fûleinige pinen dy't besteane. By it hingjen oan in krús wurdt de senuw oer de skerpe kanten fan de spiker spand lykas in snaar oer de kaam fan in fioele.

As de polzen oan de dwersbalke fêstmakke wiene, waard dy troch de soldaten optild. De feroardielde moast earst sitten gean en dêrnei tsjin de peal oan stean gean. Oan de beide úteinen waard de dwersbalke mei de feroardielde deroan optild en op de peal set. Sa'n peal wie almeast net heger as twa meter. Sa'n betreklik leech krús hiet in *crux humilis*. Yn útsûnderlike gefallen koe in heech krús brûkt wurde, in *crux sublimis*. Op Golgotha hawwe nei alle gedachten gjin hege krusen stien.

As in feroardielde oan it dwershout hong, waarden de knibbels safier bûgd, dat ien fan de fuotten plat tsjin de *stipes* treaun wurde koe. Dan waard der in spiker fan sa'n 20 sm dwers troch de krop fan de foet slein, krekt tusken it twadde en tredde middenfuotbonkje troch. As de spiker der oan de fuotsoal wer útkaam, waard de oare skonk sa bûgd dat de spiker ek troch dy foet hinne slein wurde koe oant yn it hout fan de peal. Sa hong it slacht-offer dan oan trije spikers. Bloedferlies wie der mar in bytsje, mar de pine wie ûndraachlik en de deastriid begûn. Want men wie net samar dea. Al neffens de kondysje fan de feroardielde en de technyk fan de krusiging koe it stjerren oerenlang duorje en fakentiids oant de oare deis. Der binne gefallen bekend dat de feroardielden langer as twa dagen yn libben bleauwen.

Deadsoarsaak

Mar wêr stoaren dy dan by eintsjebeslút oan en wat wie medysk besjoen de deadsoarsaak? De wûnen oan de polzen en de fuotten wiene net libbensgefaarlik, likemin as it betreklik lytse bloedferlies. De slachtoffers stoaren troch in hiel oar meganisme.

As men immen oan de polzen ophinget en it lichem troch de swiertekrêft nei ûnderen sakket, dan komt der in grutte spanning te stean op de spieren fan de earmen, de skouders en it boarst. De ribben wurde nei boppen lutsen en sa komt de boarstkas yn maksimale ynazemingsstân te stean. It slachtoffer kin dan noch sykhelje mei it middenruft. Mar dan wurdt it útazemjen wer dreech en de feroardielde begjint it mei sa'n tsien minuten benaud te krijen. Men kin it ferlikenje mei in longpasjint, dy't in swiere astma-oanfal hat. De swier belêste earm-, skouder- en boarstspieren reitsje yn in uterst pynlike kramptastân.

De spierstofwikseling wurdt ferhege. Mar dêr is net genôch soerstof foar beskikber, omdat de bloedsirkulaasje yn de lidden behindere is. It gefolch dêrfan is dat der in moai mannich molksoer oanmakke wurdt. Sadwaande docht him yn it hiele lichem in fersuoringsproses foar. Yn de medyske wrâld wurdt dat in *metabole acidose* neamd, in fersuorring feroarsake troch de stofwiksel. Ditselde ferskynsel is ek net ûnbekend by sportlju, dy't fierstefolle fan de lea frege hawwe en dan lêst krije fan krampen. Dejingen dy't krusige binne, kinne boppedat net goed útazemje, wêrtroch it koalsoergas dat it lichem oanmakket, ek net goed mear fuort kin. De *respiratoire acidose*, (fersuorring fanwegen te min fentilaasje) boazet de niisneamde *metabole acidose* noch mear oan. It slachtoffer begjint him oan wetter te switten, wêrtroch oft it deaswit him letterlik by de lea delrint. Ek it hert begjint it stadichoan te bejaan. Der ûntstiet

in saneamde dekompensaasje. De longen rinne fol mei focht lykas by in swiere hertpasjint. De lippen wurde fealblau, de eagen pûdzje út, de bloeddruk sakket, de lichemstemperatuer giet omheech en stadich mar wis reitsje alle spieren, ek dy fan de romp en de skonken yn in helse kramp. Op it lêst rekket it slachtoffer yn shock-tastân en smoart. Safier kin it al binnen de heal oere komme. Yn Dachau pasten de nazi's ek wol soksoartige metoaden fan tamtearjen ta. De slachtoffers waarden dan mei in tou oan de polzen ophongen.

Oerlevere oan de boalen

It wie lykwols net de bedoeling fan de Romeinen dat de slachtoffers sa gau al dea wêze soene. Dêrom waarden ek de fuotten fêstspikere. De feroardielde koe dan de driigjende fersmoaring tydlik ûnderbrekke of útstelle, troch him ôf te setten op de fuotspiker. Sa koe er troch de skonken wat te rekken en de lea omheech te triuwen it boarst en earmspieren wat ûntlêste. It sykheljen gong dan justjes better. De fersuorring yn it lichem waard wat minder en de skiere kleur loek wat fan it antlit. Mar om mei jins folle gewicht op in fjouwerkantige spiker te stean, dy't dwers tusken de middenfuotsbonken troch slein is, is ek net botte lang te fernearen. De feroardiele gong dan wer troch de knibbels en sakke nei ûnderen oant dat er wer oan de spikers troch de polzen hong. De polssenuw spande him wer oer de spiker, de gleone pine jage wer troch de beide earmen en de fersmoaring en de krampen begûnen fannijs. En sa ruts de persoan oan it krús it lêste ellindige eintsje fan syn libben. Want hieltiten wer soe er himsels omheech wrotte om dêrnei fanwegen de pine al rillegau wer del te sakjen. De rêch, dy't fan tefoaren by it giseljen stikken slein wie, skjirre dêrby hieltyd oer it rûge hout fan de *stipes*. Op en del gong it dan, tsien kear, hûndert kear, oan 't it slachtoffer sa dea ynein wie, dat er smoarde. It kin trouwens ek wêze dat de dea mei feroarsake waard troch de niisneamde fersteurde bloedsirkulaasje. Yn de medyske wittenskip hjit dat in *circulatoire shock*.

De boalen koene it lijen lykwols noch langer duorje litte troch touwen te brûken ynstee fan spikers. Touwen dogge nammentlik sa sear net as spikers. Mei datselde doel siet oan de *stipes* ek wolris in *sedulum*, in soartemint fan sitsje dêr't de feroardielde wat op sitte koe en sa de fuotten en de earmen wat ûntlêstgje.

Ek koe it wêze dat ûnder de fuotten in fuotsteun oanbrocht wie, in *suppedaneum*.

Meastentiids waarden dy net brûkt, want de soldaten woene fansels ek wolris wer nei hûs . . . Lykwols koene de boalen it proses ek wat hurder ferrinne litte troch it de feroardiiden ûnmooglik te meitsjen om harsels omheech te triuwen. Dat waard dan dien troch it tebrizeljen fan de skonken, krekt ûnder de knibbel.

Dat waard dan dien mei in *crurifragium*, in soartemint fan brúnzen of in izeren kneppel.

It slachtoffer wie dan binnen it kertier wei. Hy stoar dan net allinne omdat er smoarde en fersuorre mar ek troch it grutte bloedferlies. By sa'n fraktuer ûntstiet in *haematom*.

Ommers de weefsels om de stikkene bonke hinne rinne fol bloed, de skonk begjint op te setten en wurdt binnen it kertier twaris sa tsjok as gewoanwei. Nei in behandeling mei in *crurifragium* ferliest men al gau twa of treddel mingel bloed, foar de measte minsken is dat sa'n 40% fan wat men oan bloed by jin hat.

Fakentiids bleauwen de liken fan de feroardiiden oan it krús hingjen, oant dat de rôfdieren en de fûgels harren miel dermei dien hiene of der troch ûntbining ôf foelen. Lykwols koene de neibesteanden fan immen dy't sa terjochtsteld wie, it lichem ek opfregje by de Romeinske autoriteiten om it dêrnei te begraven. Faak waard dat tastien sûnder dat dêr ekstra kosten foar yn rekken brocht waarden. Allinne moast de dea dan wol offisjeel fêststeld wurde. Der waard dan mei in lâns dwers troch it boarst hinne stutsen. It koe trouwens noch in hiel kerwei wêze om in lyk fan in krús ôf te heljen. De spikers sieten bytiden wol sa fêst yn it taaie sipressehout, dat der in bile of in seage oan te pas komme moast.

Werom nei de fraach fan de froulju

Ik kom werom by de fragen fan Maria en dy beide oare froulju yn it stik *Stille Sneon*: 'Wie it ea de bedoeling dat in bern sa lije moast? Myn ferstân begrypt it net; myn gefoel taast it net!'. Wie de krusiging fan Jezus dan in gefal fan sinleas geweld: ferbjusterjend, sadistysk en om fan te weazgjen?

Foar mysels kom ik dan út by it sûndebok-meganisme, dêr't minsken bryk oan geane.

Minsken moatte blykber ien ha, dêr't se harren kwea en frustraasje, harren eigen rottigens op ôfreagearje kinne. En dêrom is der altiten ien dy't der ûndertroch moat. It binne dan de stoere pestkoppen dy't it spul yn gong sette, wylst de mei-rinners har meinimme litte om dy iene, dy't neat dien hat en dy't ek gjin ferwar hat tsjin sa'n oermacht, mei-elkoar stikken te meitsjen. It sûndebok-meganisme is in soasjaal-psychologysk gegeven, dat ek yn de bistewrâld foarkomt. Men kin it waarnimme yn in hok mei hinnen, dêr't altiten in pikoarder is, mar ek yn in hok mei apen dêr't altiten ien aap is dy't fan de oaren op de kop kriget. Blykber komme minsken net út boppe dit dierlike en ynstinktive nivo. Minsken dy't har hjir oan skuldich meitsje, witte sels net iensen wêrom oft se it dogge. It leafst ûntkenne se it of jouwe it slachtoffer de skuld. It sûndebok meganisme ferklearret lykwols it pesten op skoallen, it geklier yn kazernes en op de wurkflier. Allyksa de hate en de diskriminaasje fan minderheden, it antisemitisme ensfh. It bestean fan dit kwea, dizze 'oersûnde', dy't miskien wol hiel djip yn de minsken skûlet, is nei myn betinken dan ek in antwurd op de fraach fan Maria. In ferbjusterjend antwurd, dat jin net kâld lit, mar jin yn it gewisse rekket en oan it tinken set, sawol oer de tsjustere kanten yn de minske as oer de tsjerklike lear oer de betsjutting fan de krúsdea fan Jezus.

R. Klooster